

# 75 jier De Pompeblê(d)den

## Dêr't hja waeije, wit elts det der eat to fordigenjen is...

Sytze T. Hiemstra

Hiemstra is yn it gelokkige besit fan alle nûmers fan *De Pompeblêd(d)en* en hat as meiwurker (1977-1988) en letter as redaksjelid (1989-2000) fan it tydskrift in stikje fan syn histoarje meibelibbe. Hy hat dêr in oersjoch yn fûgelflecht fan makke.

### In blêd fan de Jongfryske Mienskip

De grutte skriuwer en beweger Douwe Kalma kin mei rjocht de geastlike heit neamd wurde fan ús tydskrift. Hy is de man dy't it yn 1928 ta wêzen ropt. In oare meiwurker fan de earste oere, Rindert van der Burg (de soan fan Jan Linses, de dichter fan 'It Heitelân'), set Sjoerd Rintsjes Sipma, boer en grut kenner fan it Fryske taaleigen, op it spoar fan Kalma en syn Jongfryske Mienskip. Op oanstean fan Kalma sil Sipma fyftsjin jier lang *De Pompeblêdden* mei redigearje. Mannich Frysk skriuwer hat yn dy


tiid syn taal beslipe troch de *oersettings* út it blêd te meitsjen en dy op te stjoeren nei Ingwierrum, it wenplak fan Sipma. It earste nûmer fan *De Pompeblêdden* (noch mei twa d's) wurdt yn 1928 oankundige as in útjefte fan it *Mienskips-Ynstitút*, dat wol sizze fan de *Jongfryske Mienskip*. It kriget as ûndertitel 'Utjefte for stúdzje fen it Frysk-eigene' mei. Soks seit al wat fan it program. It foaropwurd fan it earste nûmer seit dat de redaksje fan doel is "*oefenstof gear to bringen, wegen ta stúdzje oan to jaen en op forskynsels to wizen dy't har bitsjutting for it Frysk-eigene hawwé*". Dochs wie dat Frysk-eigene fan 'e miet ôf oan mear as allinnich de *taal* (mei rubriken as: idioom, oersetting, fynsten en fragen oer taaleigen en hollânismen): de stúdzje fan de *skiednis fan it Fryske folk* wurdt der ek ûnder beflapt.

**"Tydskrift for Fryske stúdzje"**  
De earste jiergong hat 80 siden. Yn de twadde jiergong (64 siden) is *De Pompeblêdden* in byblêd fan *Frisia*, it literêre tydskrift fan de Jongfriezen (1917-1921) en de Fryske Bibleteek (1922-1936) - dêr't Kalma fan 1917-1936 ek redakteur fan wie - en dat is tsien jier lang sa bleaun. It wurdt in blêd dat 'hwet lieding jaen kin by *ienfâldige Fryske stúdzje*', benammen by de eksamenstúdzje. En dêr is de *oersetting* ien fan de wichtichste eleminten fan. Blykber hat de ûndertitel fan de earste jiergong net alhiel foldien, want yn dit twadde jier wurdt *De Pompeblêdden* in 'Tydskrift for Fryske stúdzje' neamd. Foar 't neist in skot yn 'e roas, want 75 jier letter is dy ûndertitel, nei wat ûnderbrekkings, noch altiten in treflike oantsjutting. *De Pompeblêden* (mei ien d) moat, tinkt my,

yn de kommende desennia mar moai in *tydskrift foar Fryske stúdzje* bliuwe. Yn 1938, yn de alfste jiergong, wurdt de opset fan it blêd fernijd. Douwe Kalma en Sjoerd Rintsjes Sipma binne dan noch altiten 'bestjoerder' fan it blêd, mar hawwe fersterking krige fan de letterkundige en frisiast Eeltsje Boates Folkertsma. En dat trijemanskip sil dat folhâlde oant 1944 (jrg. 17, nû. 2). De reden fan de fernijing is dat ein tritiger jierren *skriflike* leargongen gearstald binne foar de eksamens en dat betsjut dat it doel fan *De Pompeblêdden* dan benammen komt te lizzen by de *fuortsette* stúdzje. De oersetting bliuwt in wichtich ûnderdiel, mar der komt mear omtinken foar stelselmjittich taalûndersyk fan idioom en grammatika. Der sil ek tariedend wurk dien wurde foar bettere wurdboeken en dialektysk ûndersyk. Koarte bydragen oer Fryske skriftekennisse en skiednis wurde net útsletten, mar de 'taal' moat it foarste en grutste wurkfjild bliuwe. Dêr wurdt dan, op oanstean fan Kalma, ek it Midfrysk ûnder beflapt.


### Nei '41 in AFUK-blêd

De bân mei de AFUK ûntstiet yn 1941, as dy it tydskrift oernimt fan de Fryske Bibleteek. De leden fan dy boekeklub krigen it blêd fergees, mar nei de oergong nei de AFUK moat der foar betelle wurde. Stipers, diplomearre learkrêften en kursisten fan de AFUK betelje dan in gûne, wylst oaren in daalder betelje moatte. De ûndertitel is 'Tydskrift for Fryske stúdzje útjown fen de Algemeine Kommisje for Frysk Underrijucht'. Kalma is de foarsitter fan dy Algemeine Kommisje en Folkertsma skriuwer.



De earste Pompeblêdden fan 1928

Koart nei de besettingstiid koene Kalma en Sipma fanwegen har politike opfettings yn de oarloch net langer diel útmeitsje fan de redaksje en wurde de taaleigenkenners Johannes Klazes Dykstra, E.B. Folkertsma en Hotze Tsjepkema beneamd as nije redaksje. De literêr-histoarikus en frisiast Jan Tjittes Piebenga wurdt yn dy turbulente tiid foarsitter fan de AFUK en Folkertsma bliuwt oan as skriuwer. Yn 1951 is Kalma wer fêste meiwurker, njonken S.E. Wendelaar Bonga, prof.dr. J.H. Brouwer, E.B. Folkertsma, J.J. Hof, ds. J.J. Kalma, J. Piebenga, H.K. Schippers, dr. P. Sipma, D.A. Tamminga en H. Tsjepkema en ûnder it bestjoer fan G. van der Woude en H. Twerda. Kalma is dat bleaun oant syn dea yn 1953.



In nûmer fan De Pompeblêdden út 1938. De redaksje mei Kalma en Sipma wie doe útwreide mei E.B. Folkertsma. Dêrtroch koe it blêd him mear op taalkundige eftergrûnstúdzjes talizze.

### Nei '55 yn oparbeidzjen mei de Fryske Akademy

Fan 1955-1976 wurdt *De Pompeblêdden* troch de AFUK yn oparbeidzjen mei it Pedagogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy útjûn. De ûndertitel is dan 'tydskrift foar ûnderwiis en Fryske stúdzje'; dat wiist op in ferbreiding fan de doelgroep en it tanimmend belang fan it twatalige (leger) ûnderwiis. It Frysk as *ynstruksjetaal* by oare fakgebieten

as allinnich it fak Frysk en *geakundige* ûnderwerpen krije mear omtinken. Dat hoecht jin ek net te fernuverjen nei de opkomst fan de twatalige skoallen sûnt 1950. Gâns Fryske skoalmasters en learaars hawwe harren bydragen op dat mêd levere yn it blêd. It papier fan *De Pompeblêdden* wurdt sa njonkelytsen wat moaier en glêder; der komt mear omtinken foar it uterlik, mei mear (swart-wyt) foto's en tekenings. Grif in teken fan mear woltier.

### Brandenburgh as útjouwer

Al dy jierren, 47 jier lang, docht printer en útjouwer Brandenburgh fan Snits tige syn bêst op *De Pompeblêdden*. Liuwe Brandenburgh komt yn 'e mobilisaasjetiid (Earste Wrâldoarloch) yn 'e kunde mei foaroanmannen as Douwe Kalma, Jelle Brouwer, Sibe de Jong en Piter Sipma. Hy wurdt lid fan de Jongfryske Mienskip en as dêr in tydskrift komme moat ('Frisia'), is er fuort ree en jou it út. Dat der bytiden jild by moat, kin him net safolle skele, want hy is in idealist. Syn soan Hessel nimt yn 1960 it bedriuw oer en hat grutte niget oan *De Pompeblêdden*. Hy is in sekuer man; in korrektor hoecht it blêd winliken net te hawwe, sa tûk is er. Ynstee fan setflaters te meitsjen - hy wurket oan de ein ta mei leadsetsel - hellet er gauris staveringsflaters út it wurk fan oaren.

En dan rekket er wat sneu fan syn *Pompeblêdden* ôf. It MSU, de AFUK, de Fryske Akademy, de Provinsiale Underwiisried en de Fryske Kultuerried hawwe grutte plannen mei it blêd en sjogge foar Brandenburgh gjin taak mear. Om't dy plannen fierhinne efter syn rêch harren beslach krije, skriuwt Hessel Brandenburgh op eigen manneboet in iepen brief oan de abonnees. Dat brief nitet er as spesjale bylage op giel papier yn 'syn' lêste nûmer fan *De Pompeblêdden* ûnder de kop 'Dy't glêd is freest de roskaem net'. Hy kriget gâns reaksjes, mar net fan de organisaasjes dy't er it manneboet opseit. Lokkich saksearret syn lulkens ridlik gau, as it earste nûmer fan *De Pompeblêdden*-njestyl yn 1977 by de Handelsdrukkerij fan 1874 yn Ljouwert

fan de parse rôlet. Hy priizget it as 'deeglik fakwurk'. De Handelsdrukkerij sil lykwols net de lêste en ek net de bêste printer wurde.

### Nei '77 de AFUK útjouwer

De AFUK is no de útjouwer fan dit hiele nije tydskrift, mar it giet út fan de fiif boppeneamde organisaasjes. Der komt in breder ferskaat fan bydragen; it kriget in grutter formaat en wurdt mei in steunkleur printe. Advertinsjes krije harren plak. It blêd nimt gjin artikels op dy't yn in lanlik



Ein 70'er jierren wurdt De Pompeblêden in algemien Frysk tydskrift foar it hiele ûnderwiis yn Fryslân. It ferskynt op A4 formaat, tweintich kear yn 't jier (1978-1987).

tydskrift ek wol pleatst wurde kinne soene. It beheint him ta Fryslân en it Frysk en wat dêr direkt fan betsjutting foar is. De ûndertitel is no 'Frysk tydskrift foar ûnderwiis en foarmingswurk'. Der komt subsydzje fan it ministearje fan Underwiis en Wittenskippen yn ferbân mei de foarljochting oer de ferplichte ynfiering fan it Frysk yn it leger ûnderwiis en de provinsje komt ek mei finansjele stipe. Dat is fan dy gefolgen dat der behalven in moai opmakke blêd ek in profesjonele einredakteur komme kin en in grutte rige fan meiwurkers. Dy einredakteur wurdt Hindrik de Boer fan Kûbaard (foar heale

dagen), in entúsjaste, fleurige, ynnimmende sjoernalist. Oarspronklik wied er ek skoalmaster. Hy set mei faasje en foarsje út ein: yn 1977 komme der tsien tsjokke nûmers fan mei-inoar 235 siden. Yn 1978 komt it blêd

rykssubsydzje ophâldt, kin De Boer noch mar foar oardel dei wyks oanhouden wurde en as yngeande 1989 de provinsje syn subsydzje ek opseit, bliuwt *De Pompeblêden* allinnich noch bestean as orgaan fan de AFUK. De Boer giet yn 1989 mei pensjoen en it blêd wurdt foar in part wer wat it foar 1977 ek wie.

### Rindert Straatsma en Gjalt Jelsma as einredakteur

Dat it tydskrift it yn dy behyplike omstannichheden rêdt, is benammen te tankjen oan Rindert Straatsma, direkteur fan de AFUK. Dy hâldt de kop derfoar en nimt ek de einredaksje waar. De brede opset fan *De Pompeblêden* hie, by alle positive kanten fan it mei-inoar oparbeidzjen, foar de beteljende abonnees wol it beswier dat de Fryske stúdzje wolris wat weiwaard yn dat grutte gehiel. De doelgroepen wiene nochal ferskillend. Mei de nije *Pompeblêden* wurdt it befoarderjen fan it Frysk taalgebrûk en de taalstúdzje wer foaropsteld. It wurdt wer it 'Tydskrift foar Fryske stúdzje en orgaan fan de AFUK'. En sûnt 1993 (yn nûmer 4) wurdt ek it 'en orgaan fan de AFUK' weilitten en bliuwt allinnich it fertroude 'Tydskrift foar Fryske stúdzje' oer. As Straatsma yn 1992 ôfskie nimt as Afûk-direkteur, nimt stêfmeiwurker Gjalt Jelsma de einredaksje oer. Mei grutte ynset besiket dy oant hjoed de dei om alle jierren fjouwer keapsjogge en lêsbere nûmers gear te stallen. En dat is him oant no ta aardich slagge. Yn dy perioade hat de Fryske stúdzje him wat ferlein nei alles wat mei de posysje fan it Frysk te krijen hat, likegoed yn it ûnderwiis as dêrbûten, en is it omtinken foar it Fryske taaleigen wat minder prominint oanwêzich.

### Dêr't hja waeije, wit elts det der eat to fordigenjen is...

*De Pompeblêden* is fan de ienfâldige, rjocht-en-sljochte wurkútjeften fan de earste jierren, dy't tusken de seis en tsien kear jiers mei in lytse omfang ferskine, útgroeid ta in moai bylkjend tydskrift, dat hjoed de dei fiif kear jiers it ljocht sjocht, ynklusyf it Afûk-jierferslach, dat bûten

ferantwurdlikens fan de redaksje ferskynt (tal siden, sûnder it jierferslach, yn 2002: 79). It earste Fryske flachje op it omslach ferskynt yn 1954 ûnder it bestjoer fan de skoalmasters Goasse van der Woude en Hindrik Twerda (redakteur fan 1948-1962). Yn de jierren dêrnei hawwe de pompeblêdsjes fan dy flagge yn ûnder-skate kombinaasjes en tallen de foarkant sierd. It is goed dat dit Fryske symboal oant hjoed de dei syn funksje ferfollet en dat de *namme* fan it tydskrift net te lijen hân hat fan moaden en trends, dy't altiten mar op wat nijs en oars út binne, al hat dat wolris efkes drige yn 1977 mei in útstel om der bygelyks *Underweis* fan te meitsjen. It bestjoer hie yn 1928 goed oer de namme neitocht: 'Dat wy (...) in sinnebyldige namme keazen hawwe, hat syn goede reden. De pompeblêden hawwe for elts Frysk herte hjar bitsjutting; dêr't hja waeije, wit elts det der eat to fordigenjen is. En hjir, by it wirk for it Frysk-eigene, is it wis wol it libben fen Fryslân dêr't dy fordigening for fierd wirdt.' (*De Pompeblêden*, jrg.1, nû.1, s. 2). *Noch in protte jierren yn súnens! Tsjoch!!!*

Ta de klassikers heart fansels *Der wie ris in âld wyfke* fan Nynke fan Hichtum mei printen fan Tseard Bottema. It waard yn 1908 foar it earst útjûn, mar it steapeltelste docht it by de bern fan hjoed de dei noch like goed.



Yn 1954 ferskynt de Fryske flagge foar it earst op it omslach fan *De Pompeblêden*. Yn 1962 wurdt it in pompeblêd, earst ien, letter mear.

tweintich kear út (315 siden), mar yn 1988 moat er wer in takje tebek: fjirtsjin nûmers fan 283 siden. En yn 1989 binne wy mei fjouwer nûmers suver wer werom by 'ôf'. As yn 1982 it